



FNP Wetterskipsprogram 2019-2023

**‘Skjin wetter, sûne loft en sûn lân
achter feilige diken’**

Fêststeld

yn de Algemiene Ledegearkomste

fan de FNP op 23 novimber 2019

Ynhâld

- 4. **Gearfetting**
- 5. **0. De 7 kearnwearden fan de FNP**
- 6. **1. It Wetterskipsbestjoer**
 - 6 1.1 Foar alle ynwenners fan Fryslân
- 8. **2. De finânsjes**
 - 8. 2.1 Maatskiplike kosten
 - 8. 2.2 Alternativen foar djoere gemalen
 - 8. 2.3 Feiligens is nasjonaal belang
 - 8. 2.4 In reële begrutting
 - 9. 2.5 Duorsum ûndernimme mei wetter
 - 9. 2.6 Drinkwetter as earste libbensbehoefte
- 11. **3. Kwantiteit: de wetterhúshâlding**
 - 11. 3.1 Maatwurk yn stee fan skaalfergrutting
 - 11. 3.2 Peil omheech. Polders en boezem robúster
 - 11. 3.3. Yntegrale ôfwaging fan belangen
 - 11. 3.3.1 De Fryske greidhoeke
 - 12. 3.3.2 Holwert oan See en de Ofslútdyk
 - 12. 3.4 Rekreaasje op en om it wetter
- 13. **4. Feiligens**
 - 13. 4.1 Fryslân krekt sa feilich as oare gebieten yn it lân
 - 13. 4.2 Iselmar
- 14. **5. Kwaliteit: sûn wetter, natuer en lânbou**
 - 14. 5.1 Duorsum wetterbehear: gearwurkje
 - 14. 5.2 It djippe grûnwetter, de boaiemdelgong en it gefaar fan mynbouaktiviteiten
 - 14. 5.3 Wetterkwaliteit
 - 14. 5.4 Klimaatadaptaasje
 - 15. 5.5 Natuer en lânskip kearnkwaliteit
 - 15. 5.6 Greidefûgellân
 - 16. 5.7 Feangreide en maatskiplike kosten
 - 16. 5.8 Duorsume (sport) fiskerij

Gearfetting

As gefolch fan de klimaatferoaring komme der grutte fraachstikken op ús ôf. Wy tinke dêrby oan ekstremen as mear swiere klusterbuien en drûgere simmers, mar ek oan it omheech kommen fan de seespegel. It Wetterskip kin dizze fraachstikken net allinne oplosse. Mear gearwurking en in bettere taakferdieling tusken de Provinsje, it wetterskipsbestjoer en de gemeenten is dêrom nedich. Mar ek de ynbring fan natuerorganisaasjes, gebietskollektiven, stânsorganisaasjes en kennis en kunde fan ús ynwenners is nedich om de takomst treast te wêzen. It Wetterskip stiet as tsjinstferlienende organisaasje ticht by de boarger, goed berikber en leechdromplich. As oerheidsynstelling yn Fryslân heart dêr ek in fanselssprekkend plak foar it Frysk by.

De FNP stiet wol foar in hoeden en ferstannich finansjeel belied. Wy wolle mei sa leech mooglike maatskiplike kosten de wettertaken útfiere. De FNP giet foar it belied en it tadielen fan kosten by wetterkwaliteit en -kwantiteit út fan it prinsipe 'de fersmoarger betellet'. Ferfanginsynvestearringen (bygelyks ruilferkavelingsgemalen) hearre regulier yn de begrutting opnommen te wurden.

De FNP fynt dat der yn Fryslân net ien kwa feiligens op efterút gean mei. De seediken moatte op hichte en sterkte brocht wurde. De ynwenners fan Fryslân meie dêr finansjeel net ûnevenredich foar belêste wurde. Duorsum wetterbehear betsjut foar de FNP dat it ferlet fan hjoed net op kosten gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasje en dat lânskip en boaiem net skeind wurde meie. De FNP is dêrom tsjin gegriem mei CO₂-opslach, skalygaswinning en opslach fan gemysk of radioaktyf ôffal yn de Fryske boaiem en nije gas-en sâltwinning.

Boeren moatte yn Fryslân ek yn de takomst noch goed buorkje kinne. Tagelyk sil der yn de wetterhúshâlding mear rjocht dien wurde moatte oan de oare maatskiplike belangen, lykas bioferskaat en duorsumens. Yn de hegere gebieten moat it wetter langer fêsthouden wurde, mar moat der ek mear kapasiteit yn de boezem en de polders sels brûkt wurde en komme der mear oerrinpolders. Sa kin der by waarsekstremen better maatwurk levere wurde. Ryksoerheid en Provinsje sille it mei de boeren iens wurde moatte oer in finansjele regeling foar dy 'griene en blauwe maatskiplike tsjinsten'.

Natuer en wetter binne yn Fryslân nau mei-inoar ferbûn. Dêrom hat it Wetterskip ek in ferantwurdlikheid foar de Fryske natuer. By it behear fan wetter en lânskip giet de FNP út fan in greidefûgelfreonlike oanpak. It is wol dúdlik dat djipteûntwettering en oare yntinsivearringen foaral yn it feangreidegebiet oarsaak binne fan de boaiemdelgong. Dêrom moat it grûnwetter nei in heger peil werom brocht wurde. Yn de djipste polders moat mear romte komme foar wetter, wiete natuer of wetteropfang. Om de natuergebieten hinne wol de FNP peilbehear mei minder yntinsyf buorkjen. De FNP wol jild frijmeitsje foar eksperiminten en it oplossen fan skea. Dat jildt ek foar de skea troch pealrot.

De (sport)fiskerij is foar Fryslân fan grut rekreatyf en ekonomysk belang. Troch it oanlizzen fan fiskfreonlike gemalen ferbetteret de fiskstân en bliuwt Fryslân foar dy groep oantreklik. De fiskersplakken moatte ek foar beheinden goed tagonklik wêze. It Wetterskip hat dêr bliuwend omtinken foar.

En mocht it frieze wolle: It 'draaiboek iiswille' moat op 'e tiid út de kast.

De 7 kearnwearden fan de FNP

Demokrasjy: De FNP fynt dat de macht oer de oerheid oan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

Federalisme: De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de Provinsje, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

Ynternasjonalisme: De FNP siket nei wat minsken bynt, en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

Taal en kultuer: Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Biltsk en it Stellingwerfsk.

Undernimmerssin: De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmersskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne om har optimaal te ûntwikkeljen.

Solidariteit: De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik, Friezen en nije Friezen beholden en fersterke wurde, sadat nimmen oan 'e kant komt te stean.

Duorsumens: De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan te potfertarren siket de FNP nei ekonomyske bestansfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

1. It Wetterskipsbestjoer

1.1 Foar alle ynwenners fan Fryslân

De kearntaken fan it Wetterskip binne de útfiering fan it belied op it mêd fan wetterkwantiteit (de wetterhúshâlding), de wetterkwaliteit (ynklusyf de rioelwettersuvering) en de feiligens (de see- en Iselmardiken, iggen en kaaien). Feilich, foldwaande en skjin. Sirkulêre ekonomy is by it Wetterskip gjin moadewurd, mar moat útgongspunt wêze by it hanneljen.

De provinsje Fryslân hat njonken it fêststellen fan it *wetterbelied* ek oare beliedsterreinen, lykas ferkear en ferfier, natuer, lânbou, romtlike oardering en ekonomy, dy't in soad mei de taken fan it Wetterskip te krijen hawwe. Yn de kommende bestjoersperioade sil de omjouwingsfyzje troch Provinsjale Steaten fêststeld wurde. It Wetterskip moat folút meidwaan yn dat proses en syn kennis yn dat proses ynbringe.

Mei de gefolgen fan de klimaatferoaring, mear drûge simmers, mear klusterbuien en hegere seespegel, fine wy dat der yngeand gearwurke wurde moat tusken de Provinsje, it Wetterskip en de gemeenten. In yntegrale wurkwiize jout mear garânsjes om de neamde problematyk suksesfol oan te pakken en jout in heger maatskiplik rendemint. In mienskiplike aginda fan de trije oerheden as it giet om de gefolgen fan de klimaatferoaring is oan de ynwenners fan Fryslân ek better út te lizzen. Ien en oar moat in plak krije yn it Frysk Bestjoersakkoart WetterKeat (FBWK). It fêst te stellen Provinsjaal Omjouwings Plan sil dúdlikheid jaan moatte oer de funksjes fan de gebieten. It Wetterskip realisearret de byhearrende wetterhúshâlding.

De FNP is tsjin opskaling fan it Wetterskip yn oare, gruttere (noardlike) ferbannen. De grutte fan Wetterskip Fryslân, dat de yngelannen fan ús hiele provinsje en in part fan it Westerkertier fan Grinslân betsjinnet, past wat de FNP oangiet prima by de skaal fan de Provinsje Fryslân.

It Wetterskip is in tsjinstferliende organisaasje en heart dus tichteby ús ynwenners te stean, goed berikber en leechdromplich. De FNP wol dat it Wetterskip syn wurk yn de takomst docht yn gearpraak mei de belanghawwende ynwenners, boeren en bedriuwen. By nije útfieringsplannen moatte de belanghawwenden op 'e tiid belutsen wurde. Fansels brûkt it Wetterskip as oerheidsynstelling safolle mooglik ús eigen Fryske taal. It Wetterskip falt as bestjoersorgaan ûnder de rjochten en plichten fan de nije Wet Gebrûk Fryske Taal.

By in goede tsjinstferliening heart ek in flotte behanneling fan fergunningoanfragen. Dêrta is it Wetterskip mei de oare oerheden ek dielnimmer yn de Fryske Utfieringstsjinst Miljeu en Omjouwing (FUMO).

Aksjepunten:

- a. *Gefolgen fan de klimaatferoaring oanpakke yn gearwurking mei Provinsje en gemeenten, maatskiplike organisaasjes en ynwenners. Fraachstikken as gefolch fan de klimaatferoaring krije in plak yn it FBWK.*
- b. *Gjin opskaling fan it Wetterskip yn in grutter noardlik ferbân.*
- c. *Befoarderjen fan in yntegrale wurkwize yn gearspraak mei de mienskip. Ynwenners wurde op 'e tiid by nije plannen belutsen.*
- d. *It Frysk taalbelied kriget yn de kommende bestjoersperioade mear omtinken.*

2. De finânsjes

2.1 Maatskiplike kosten

Klimaatferoaring: mear rivierwetter, seespegelrizing en boaiemdelgong binne troch ús net te kearen. Wy hawwe de plicht de gefolgen dêrfan sa goed mooglik yn kaart te bringen en maatregels te nimmen. Wy spegelje ús ynwenners yn de takomst dêrom gjin legere wetterskiplêsten foar. De kosten fan it wetterbehear en de feiligens fan de wetterkearingen nimme yn de takomst earder ta as dat se ôfnimme. It yntegraal wurkjen mei oare maatskiplike doelen fan it provinsjaal en gemeentlik belied lykas natuer, rekreaasje, miljeu, wenjen en lânbou is perfoarst nedich. Sa kin ûnevenredige kostestiging yn 'e hân holden wurde. De FNP stiet foar in hoeden en ferstannich finansjeel belied. Wy wolle mei sa leech mooglike maatskiplike kosten de wettertaken sa effektyf en doelmjittich mooglik útfiere.

2.2 Alternativen foar djoere gemalen

Mei it nije gemaal De Heining is foar ôffier fan wetter yn Noardeast-Fryslân in goede stap set. In megagemaal op Lauwerseach is in te djoere maatregel dy't foarearst net nedich is. Yn gefal fan need kinne mobile pompen in oplossing wêze (sjoch Ingelân). Fierder wol de FNP sykje nei betelbere alternativen foar de útwettering. Troch kombinaasje mei lokale opfangpolders, yntegraasje mei wiete natuer en tydlik fêsthâlden fan wetter yn de polders by't winter kin ek jild besparre wurde. Sa krije wy tagelyk it robústere wettersysteem dat wy foarstene en lokale piken better opfange kin en minder fan gemaaltechnyk allinnich ôfhinklik is.

2.3 Feiligens is nasjonaal belang

Feiligens efder de (see)diken is fan nasjonaal belang. De oare provinsjes moatte dêroan solidêr meibetelje. De feiligens fan de ynwenners en bedriuwichheid yn Fryslân moat like swier weagje as de feiligens yn it westen fan it lân. De FNP wol fia de Uny fan Wetterskippen en it provinsjebestjoer derop oanstean dat Fryslân as plattelânsprovinsje en mei relatyf minder ynwenners net in ûnevenredich hege eigen bydrage betelje moat fergelike mei it westen fan it lân. Sa nedich moat dêrta aksje ûndernommen wurde troch it Deistich Bestjoer yn gearwurking mei oare regio's.

2.4 In reële begrutting

De FNP giet foar it belied en it tadielen fan kosten by wetterkwaliteit en -kwantiteit wêr't dat mooglik út fan it prinsipe 'de fersmoarger betellet'.

Dat der yn de ruilferkavelingen yn it ferline gemalen boud binne, dêr't nei de tiid net op ôfskreaun is om te sparjen foar ferfanging yn de takomst is yn it foarste plak in finansjeel-technysk probleem fan it Wetterskip. De begutting moat sa ynrjochte wêze dat dy ynvestearringen dêryn meinommen wurde. It idee om dat probleem op te lossen troch gruttere peilfekken te realisearjen, dêr't de belangen fan rekreaasje, natuer, kultuerhistoarje en lânskip wer ûnderstek yn dien wurdt, kinne wy net mei ynstimme.

De FNP wol de algemiene ynflaasjekorreksje tapasse om de tariven op peil te hâlden. In fierdere stiging fan de tariven moat oantoanber nedich wêze en goed ûnderboud wurde. By oanpassing fan de tariven stiet foar de FNP it prinsipe fan 'de fersmoarger betellet' foarop. De hegere kosten yn it belang fan inkelingen meie net folslein op rekkening fan alle belestingbetellers komme. It trochgean mei in leger wetterpeil yn gebieten dy't troch Provinsjale Steaten oanwiisd binne of wurde foar ferheging fan it wetterpeil, is de FNP poer op tsjin, Dat wurket ûngelikensens yn 'e hân.

2.5 Duorsum ûndernimme mei wetter

Us wetter is in weardefol goed dêr't Fryslân as typyske wetterprovinsje duorsum mei ûndernimme kin. Rekreaasje en wettertoerisme binne foar Fryslân wichtich, mar op dat terrein moat noch in slach yn duorsumens makke wurde. Wetter kin in wichtige bydrage leverje oan it winnen fan skjinne enerzjy: it potinsjaalferskil tusken swiet en sâlt wetter op de Ofslútdyk, de streaming fan eb en floed, de waarmte fan oerflaktewetter. Ljouwert as haadstêd fan wettertechnology mei Wetsus spilet in wichtige rol yn dat enerzjyûndersyk. It Wetterskip is sels ek in grutte wurkjouwer yn Fryslân. De FNP wol dat it Wetterskip syn kennis en kunde yn gearwurking mei de oare wetterynstânsjes yn Fryslân fierder ûntwikkelet en tapast. Ut dy publike taak wei wolle wy op 'e nij besjen oft de laboratoaria en oare aktiviteiten fan Vitens en it Wetterskip yn Ljouwert dochs net kombinearre wurde kinne.

It Ir. D.F Woudagemaal op 'e Lemmer is as wrâlderfgoed in rekreative, toeristyske en edukative attraksje fan wrâldformaat. It is in goede saak dat it Woudagemaal yn de fakânsjeperioden bliuwend iepensteld wurdt en syn multyfunksjonele karakter as lokaasje foar eveneminten, kongressen ensafuorthinne fersterket. Op dy wize kinne smiten folk yn 'e kunde komme mei it wetterbehear yn ús wurkgebiet. De ynnovaasje mei de slibferwurking út de RWZI's moat fierder trochset wurde. It wergebrûk fan grûnstoffen út it rioelwetter leveret in belangrike bydrage oan de sirkulêre ekonomy op wettergebiet. Mei al dy saken leveret it Wetterskip ek in eigen bydrage oan de Fryske ekonomy en it fersterkjen fan de struktuer dêrfan.

2.6 Drinkwetter as earste libbensbehoefte

De Provinsje is grutoandielhâlder fan drinkwetterbedriuw Vitens. Dy oandienen wolle wy graach oanhâlde, net allinnich troch it finansjeel resultaat, mar benammen om't de drinkwetterfoarsjenning as publike kearntaak neffens ús yn publike hannen heart. Swiet wetter is fan libbenslang. Yn dy sin makket de FNP him soargen oer it ferdrûgjen. Yn ús eagen moat der ek yn de hege gebieten mear wetter fêsthouden wurde. Dat is fan grut belang foar de kwaliteit fan it djippe grûnwetter. De hân oan de kraan by it opfangen, bergjen en ôffieren fan himelwetter.

Aksjepunten:

- a. *Betelbere alternativen sykje foar de útwettering mei subgemalen.*
- b. *Unevenredige bydrage oan Fryske seediken lanlik op it aljemint bringe.*
- c. *Wetterskip moat trochgean mei gearwurking Wetsus en oare ynstânsjes om de Fryske wettersektor ekonomysk te fersterkjen.*
- d. *It Woudagemaal is as edukatyf sintrum yn de fakânsjeperioden iepen en is dêrnjonken in oansprekkende multyfunksjonele akkommodaasje.*
- e. *Drinkwetter bliuwt in publike kearntaak yn gearwurking mei Vitens*

3. Kwantiteit: de wetterhúshâlding

3.1 Maatwurk yn stee fan skaalfergrutting

It klimaat liket de lêste jierren hieltyd grilliger te wurden. Swiere klusterbuien, drûge simmers, temperatuerstiging, ûnomkearbere boaiemdelgong: it is reden om yn Fryslân it wetterbehear kritysk te besjen. It is de winsk fan de FNP om it wetterbehear yntegraal oan te pakken mei oare maatskiplike belange-organisaasjes. Neffens ús is de trend hieltyd mear nei maatwurk ek yn it peilbehear, om al dy belangen harren gerak te jaan. De FNP is dêrom gjin foarstanner fan de tsjinstelde beweging, nammentlik hieltyd mear skaalfergrutting en unifoarmiteit. Us stribjen is dat de boeren yn Fryslân ek yn de takomst noch goed buorkje kinne, en tagelyk yn de wetterhúshâlding mear rjocht te dwaan oan de oare maatskiplike belangen dy't der binne.

3.2 Peil omheech. Polders en boezem robúster

Under finânsjes is al steld dat in grut en djoer gemaal op Lauwerseach foarearst net nedich is, mar de FNP wol dat der wol nei (goedkeapere) alternativen foar de útwettering sjoen wurdt. It Woudagemaal bliuwt in wolkomme oanfolling op de spuikapasiteit yn tiden fan slim heech wetter. Binnendyks binne hegere boezemwetterkearingen allinnich net foldwaande. Om genôch wetter fêst te hâlden moat der mear kapasiteit yn de boezem en de polders sels brûkt wurde. De FNP wol ûndersocht hawwe hoe't it winterpeil de kommende jierren yn stapkes omheech brocht wurde kin. Dat kin oer de hiele liny yn Fryslân, mar earst yn de gebieten dy't har dêr it bêste foar liene en dêr't it nedichst is. Sa kin ek it tanimmen fan it sâltgehalte fan de grûn yn benammen noardwest Fryslân tsjingien wurde. Troch foldwaande tsjindruk kin dat mooglik beheind bliuwe. It kwalitatyf en kwantitatyf behear reitsje inoar op dat mêd. As it sâlter wurden fan de grûn dochs de oerhân kriget, moat in oare foarm fan lânbou (sâlte tylten) ûndersocht wurde. It rûnom automatysk oanslaan fan gemalen rjochte op in leech polderpeil yn de winter moat op 'e nij besjoen wurde. Dêr kin jild mei besparre wurde en ekstra kapasiteit op de boezem frijholden wurde.

De FNP bliuwt foarstanner fan it oanlizzen fan bergingspolders dy't by in soad reinwetter lokaal it wetter tydlik opfange kinne. Yn slim wiete perioaden kin dat de boezem ek ûntlêste. Faak is in kombinaasje mei in natuerfunksje mooglik. Yn drûge simmers moat der genôch swiet wetter foar de lân- en túnbou beskikber wêze. De grûnwetterstân moat ek op peil bliuwe yn de feangreide en yn de natuergebieten. Om dy natuergebieten hinne, dy't tsjintwurdich relatyf heech lizze (bygelyks De Alde Feanen), moatte wy noch mear as no it gefal is, mei buffersônen wurkje. Dêr kin mei in heger wetterpeil en in agrarysk natuer-en lânskipsbehear it ferdrûgjen tsjingien wurde. De boeren krije foar dy 'griene en blauwe maatskiplike tsjinsten' in fergoeding fan de oerheid.

3.3 Yntegrale ôfwaging fan belangen

3.3.1 De Fryske greidhoeke

De FNP stiet foar yntegrale oanpak fan it wetterbehear mei oare belangen lykas natuer, kultuerhistoarje, enerzjy, ekonomy en rekreaasje. Fanwegen de yntegrale ôfwaging fan belangen kin der dêrom ek gjin praat wêze om fan de Fryske Greidhoeke ien grut peilfek te meitsjen, âlde slinken rjocht te lûken en alle opfearten ôf te damjen.

3.3.2 Holwert oan See en Ofslútdyk

It projekt Holwert oan See is yn it ramt fan yntegraal belied in prachtige kâns foar Noardeast-Fryslân dêr't de FNP graach de romte foar jout. In kombinaasje fan wetterbehear, natuer, fiskmigraasje – goed foar de (sport)fiskerij – rekreaasje en kultuerhistoarje. De plannen foar de Ofslútdyk binne al fierder ûntwikkele mei dyselde aspekten ynklusyf enerzjywinning.

Foar beide projekten jildt wol dat de feiligens foarop stean bliuwe moat.

3.4 Rekreaasje op en om it wetter

De langetermynwaarsferwachtingen wurde hieltyd betrouberder. It Wetterskip kin dêr noch mear op ynspylje. De ôfspraken 'draaiboek iiswille' tusken it Wetterskip en de Provinsje kinne sadwaande noch oanskerpe wurde. Yntiids mealle, sadat gjin skea dien wurdt oan in goede en feilige iisflie.

De FNP wol in yntegrale beliedsfyzje foar it behear en gebrûk fan berops- en rekreaasjefarwegen yn Fryslân, benammen yn situaasjes dêr't berops- en rekreaasjefeart inoar treffe. Yn gebieten dêr't it Wetterskip ferantwurdlik is foar (lyts) rekreatyf farwetter, moat it ûnderhâld optimaal ôfstimd wurde op de funksje fan dat wetter. Dat betsjut net allinnich hekkelje foar de ôfwettering, mar ek it befarber hâlden foar de boatsjes. De Provinsje, de gemeenten en de ûndernimmers hawwe ommers net om'e nocht ynvestearre yn sloeperûten, lokale oanlisplakken en doarpsfearten.

Aksjepunten:

- a. Maatwurk yn stee fan skaalfergrutting yn de wetterhúshâlding.*
- b. It wetterpeil yn stapkes ferheegje. Romte foar wetter yn de polders by't winter.*
- c. Buffersônen om (natuer) gebieten hinne dy't ferdrûgje.*
- d. Gjin unifoarm peilfek yn de Fryske greidhoeke. Opfearten net ôfslute.*
- e. Rekken hâlde mei lytse rekreaasjefeart by it behear. Oerlis mei gemeenten.*
- f. Oanskerpjen fan it 'draaiboek iiswille' foar goed en feilich reedridersiis.*

4. Feiligens

4.1 Fryslân krekt sa feilich as oare dielen fan it lân

De ôfspraken tusken Provinsje en Ryk oer it lanlike Deltaprogramma oer de feiligens fan de seediken moatte neikommen wurde. Tin befolke gebieten, mei in lytser ekonomysk belang neffens oare lânsdielen, meie net in heger feilichheidsrisiko rinne.

Op tal fan plakken by de Fryske waadkust del foldogge de seediken net mear oan de feilichheidseasken. Der is Fryslân tasein dat hjir net ien der kwa feiligens op efterút gean soe. De FNP is fan betinken dat it opknappen fan de seediken net langer útsteld wurde mei. Beskerming tsjin heech wetter is in nasjonaal feilichheidsbelang. Fryslân soe finansjeel ek net ûnevenredich oanslein wurde moatte. De oare provinsjes moatte dêr solidêr oan meibetelje.

De seediken wurde wat de FNP oangiet net binnendyks ferbrede mar bûtendyks fanwegen it romtebeslach oan de binnenkant. Dêr't dat mooglik is wurdt ek gebrûk makke fan de kwelder as buffer om de golven te brekken. Oanslibbing foar de Fryske kust is in natuerlik proses dêr't foaral gebrûk fan makke wurde moat. It ynnovative 'bouwen mei de natuer' kin hjir tapast wurde. Nije seekwelders hawwe in grutte mearwearde foar floara en fauna.

4.2 Iselmar

De funksje fan de Iselmar is twaliddich. Yn tiden fan oerfloedich wetter tsjinnet de Iselmar as wetterberging. Yn drûge simmers is it de buffer foar de swietwetterfoarsjenning. Net allinne foar Fryslân, mar ek foar it westen fan it lân. Mei de drûchte fan 2018 yn gedachten is in lichte peilferheging foar de FNP besprekber, mar dy moat net liede ta in kostbere ekstra opheging fan de Fryske Iselmardiken. Grutte peilferhegingen hawwe ek grutte gefolgen foar havens, pieren, natuer- en rekreaasjegebieten by de Fryske Iselmarkust lâns. Dat oanpassen ferget yn ús eagen te grutte ynvestearringen. Wy wolle it kultuerhistoarysk weardefolle oansicht fan de doarpen en stêden oan de Iselmarkust dêr ek mei beskermje.

Aksjepunten:

- a. *Feilige seediken: net ien yn Fryslân giet der kwa feiligens op efterút.*
- b. *Seediken bûtendyks ferbreedzje en gebrûk meitsje fan kwelders.*
- c. *Gjin ûnevenredige finansjele belesting foar ús ynwenners.*

5. Kwaliteit: sûn wetter, natuer en lânbou

5.1 Duorsum wetterbehear: gearwurkje

Duorsum behear betsjut foar de FNP dat it ferlet fan hjoed net te'n koste gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasje en dat lânskip en boaiem net skeind wurde meie. Dat jildt ek foar ús grûn- en oerflaktewetter. De FNP wol dat dat belied en dy projekten op dat mêd mei draachflak fan ûnderen op, yn gearspraak mei boeren (kollektiven), ynwenners en bedriuwen opset wurde. De FNP is in foarstanner fan it breed bondeljen fan kennis, kunde en krêften fan Wetterskip, Provinsje, bedriuwen en gemeenten. Mar fan de kennis en kunde fan de lokale mienskip moat ek gebrûk makke wurde.

5.2 It djippe grûnwetter en de boaiemdelgong

De FNP is tsjin gegriem mei CO₂-opslach, skalygaswinning en opslach fan gemysk- of radioaktyf ôffal yn de Fryske boaiem. It risiko fan net foarsjoene ûnomkearbere fersmoarging fan it djippe grûn- en drinkwetter is dêrfoar te grut.

De boaiemdelgong troch gas- en sâltwinning hat yn noardwestlik en noardeastlik Fryslân al foar miljoenen skea oan it wettersysteem feroarsake. It sâlter wurden fan it grûnwetter oan de Waadkust, skealik foar de lânbou yn it gebiet, giet ek troch. It lân sakket, de kaaien moatte hieltyd ophege wurde en der moatte djoere gemalen en wetterbergingen oanlein wurde. It gebietsproses yn noardwestlik Fryslân is nei in drege start úteinset mei in plus foar de doarpen. It foarnimmen fan Frisia om binnendyks ekstra sâlt te winnen moat opkeard wurde. Op 'e nij soene maatregels yn de wetterhúshâlding nommen wurde moatte. Foardat Frisia úteinset mei sâltwinning yn see moat der in goede nulmjitting fan de seediken dien wurde. Skea oan de seediken moat op Frisia ferhelle wurde. Dêrta moatte yn it foar goede ôfspraken makke wurde. De FNP wol dêrom dat it Wetterskip alle war docht tsjin nije winningen fan gas en sâlt.

5.3 Wetterkwaliteit

De wetterkwaliteit foldocht neffens de KRW (Kader Richtlijn Water) noch net oan de stelde easken. De FNP wol derop ta dat minder skealike stoffen út dong, bestridingsmiddels en medisinen yn it wetter bedarje. Mei in mear natuerfreonlike ynrjochting fan bedriuwen kin de wetterkwaliteit fierder ferbetterje. It lossen fan smoarch wetter troch de rekreaasjefeart moat ek oan bannen lein wurde. Yn oparbeidzjen mei Provinsje, gemeenten, Marrekrite en de wettersportsektor kin dêr noch in slach yn makke wurde. De noch oerbleaune rioeloerstoarten dy't op it iepen wetter útkomme moatte sa gau mooglik sanearre wurde. It Wetterskip moat der by de gemeenten op oanstean dat soks yn de riolearringsplannen opnommen wurdt. Dêr past de ôffier fan reinwetter troch skieden wettersystemen ek by. It

oanplantsjen fan reidseamen en it oanlizzen fan natuerfreonlike wâlen fertsjinnet bliuwend omtinken. It prinsipe 'wurk mei wurk' is hjir liedend.

5.4 Klimaatadaptaasje

Mei it feroarjen fan it klimaat sil elkenien ynspylje moatte op de gefolgen dêrfan. Ekstreme delslach (klusterbuien) en grutte hjiite (foaral yn de beboude kommen) binne saken dy't yn de stresstesten nei foaren komme. De FNP wol de 'ferstienning' fan de beboude kommen tsjingeane, wêrby't troch it betegeljen fan tunen, asfaltearring en bestrijting hieltyd minder romte foar it wetter oerbliuwt om op natuerlike wize yn de grûn te sakjen. Dit ûnderwerp moat yn de publyksfoarljochting mei Provinsje en gemeenten in spearpunt wurde.

5.5 Natuer en lânskip kearnkwaliteit

Foar ús binne de Fryske natuer en lânskip yn syn hiele hear en fear in kearnkwaliteit fan Fryslân en foar ús mienskip. Dat moatte wy bewarje en dêr meie wy fan genietsje en profitearje. De Provinsje is de regisseur as it giet om it lanlik gebiet. Wy sjogge de natuer net as in kostepost. De natuer smyt in protte op. Foar it wolwêzen fan minske en dier, en ekonomysk is it fan grut belang foar rekreaasje en toerisme. Dêrom, ús natuer is ús griene goud dêr't wy soarchfâldich mei omgean moatte.

De lytsere Ekologyske Haadstruktuer (EHS) sa't dy mei it Ryk ôfpraat is, moat yn 2027 realisearre wêze. In soad dêrfan is saneamde wiete natuer en hast altyd is it Wetterskip derby belutsen om't de wetterhúshâlding fan dy gebieten ferbettere wurde moat. De ynrjochting moat dan wol in goed behear yn de takomst mooglik meitsje. It behâld en fersterkjen fan it bioferskaat is dêrby it útgongspunt. De FNP wol dat it wetterbehear dêrop ynrjochte wurdt.

De FNP wol dat it behear fan de natuer dêr't dat kin safolle mooglik troch de mienskip sels dien wurdt. It inisjatyf fan ferskate maatskiplike ynstellingen om de natuertaak út te fieren kin op ús stipe rekkenje. De ynbring fan gebietskollektiven of koöperaasjes is dêr wichtich by. Dat allehear sil syn wjerlach ek krije moatte yn de gearwurking mei it Wetterskip.

5.6 Greidefûgellân

It greidefûgelbelied is foar ús as FNP tige wichtich. It fêststelde wetterbelied moat liede ta it behâld en it fuortsterkjen fan de populaasjes. As dat net sa is, dan sille wy hjir ekstra stipe oan jaan. It boargerinisjatyf Kening fan de Greide, mar ek de BFVW spylje dêr út soarte in rol by as it giet om behâld fan maatskiplik draachflak foar ús greidefûgels. Gebietskollektiven mei inisjativen 'fan ûnderen op' lykas by de Skriezekrite Idzegea, drage wy ek in waarm hert ta. By it behear fan wetter en lânskip giet de FNP út fan in greidefûgelfreonlike oanpak. Wy

freegje fan it Wetterskip yn ôfstimming mei it provinsjaal belied dat dêr yn it deistige wurk goed rekken mei holden wurdt.

5.7 Feangreide en maatskiplike kosten

It is wol dúdlik dat djipûntwettering en oare yntinsivearring fan it greidebehear, mei oarsaak binne fan de boaiemdelgong. Dêrom moat, ynearsten foaral yn it feangreidegebiet, it grûnwetter nei in heger peil werom brocht wurde. Sjoen de ferskillende grûnslaggen yn it feangreidegebiet easket dat maatwurk. Trochbuorkje moat kinne, mar in oare funksje fan it gebiet wurdt yn de takomst net ûnmooglik makke.

De konsekwinsje is dan wol dat de feehâlderij him oanpast yn dy gebieten. Ekonomy, rekreaasje en natuer moatte sa better yn lykwicht komme. Foar de maatskiplike kosten fan dy 'griene en blauwe' tsjinsten yn it algemien belang krije de boeren dan ek in fergoeding. De FNP wol dat de boargers op 'e tiid belutsen wurde by it nije belied en maatregels yn it feangreidegebiet oangeande de fundaasje.

De maatskiplike kosten fan it buorkjen yn de Lege Midden binne hast net mear op te bringen. De skea troch boaiemdelgong en djipûntwettering is ûnomkearber. Wy moatte ús realisearje dat de ekstra oksidaasje fan de feangrûn troch in (te) leech wetterpeil jierliks like folle CO₂ de loft ynjetet as alle auto's yn Fryslân mei-inoar.

Yn de djipste polders moat dêrom mear romte komme foar wetter, wiete natuer of wetteropfang. In dynamysk peilbehear mei minder yntinsyf buorkjen oan de rânen fan de natuergebieten leit ek foar de hân. De FNP wol jild frijmeitsje foar eksperiminten en it oplossen fan skea. Op plakken dêr't de Provinsje en it Wetterskip moreel (mei) ferantwurdlik binne foar it oplossen fan skea troch boaiemdelgong en pealrot as gefolch fan djipûntwettering moatte der better wurkjende maatregels foar komme as de hjoeddeistige.

Tink oan de djoere en mar matich funksjonearjende heechwettersirkwys om de wenhuzen hinne en oan it skeafûns foar pealrot fan de Provinsje, dêr't oant no ta hast gjin gebrûk fan makke is.

De gemeentlike wegen, rioelen en oare ynfrastuktuer yn de feangebieten fersakje ek algeduerigen. Lyksa de foarsjenningen en gebouwen yn de rekreative sektor en oare bedriuwen. En dan hawwe wy it noch net iens oer de gemalen, kaaien en ynfrastuktuer fan it Wetterskip sels. De FNP wol al dy kosten foar de maatskippij, partikulieren en bedriuwen yntegraal yn byld hawwe om goede besluten nimme te kinnen.

5.8 Duorsume (sport)fiskerij

Foar alle fiskerijaktiviteiten, beropfskippers op it Waad, de Iselmar, de binnenfiskers en de sportfiskers, jildt dat soks duorsum wêze moat. De sportfiskers binne in rekreatyf-toeristyske mar ek in ekonomyske faktor fan belang yn Fryslân en fertsjinje beliedsmjittige en praktyske stipe fan de Provinsje en it Wetterskip. De fiskplakken moatte tagonklik bliuwe, ek foar minsken mei in beheining.

Wy wolle besjen oft de muskusrottefangers fan it Wetterskip breder ynset wurde kinne foar taken by it natuerbehear yn Fryslân, bygelyks by it tsjingeane fan de streuperij op it wetter.

De FNP wol trochgean mei it ynvestearjen yn fiskfreonlike gemalen en fiskfreonlike ferbiningen tusken polders en boezem. Dat befoarderet in bettere fiskstân yn Fryslân en wy bliuwe sa in oantreklik fiskgebiet foar de mear as 100.000 anglers út binnen- en bûtenlân. De fiskmigraasjerivier yn de Ofslútdyk wol de FNP realisearje om't dêrmei it ekologysk lykwicht tusken Iselmar en Waadsee foar in part werombrocht wurde kin.

Aksjepunten:

- a. *Gjin gegriem mei CO₂-opslach, skalygaswinning of radioaktyf ôffal yn Fryske grûn. Gjin risiko's foar ús grûn- en drinkwetter.*
- b. *Miljeukwaliteit wetter moat foldwaan oan de KRW. Minder útspielen fan skealike stoffen.*
- c. *Hjittestresstesten útwurkje. Mear romte foar wetter troch minder asfalt en beton yn de beboude kommen. Bettere publyksfoarljochting.*
- d. *Lytsere Ekologyske Haadstruktuer yn Fryslân dien meitsje.*
- e. *Natuerbehear mei maatskiplike organisaasjes. Ynbring fan gebietskollektiven.*
- f. *In greidefûgelfreonlik wetterbehear troch it Wetterskip.*
- g. *As earste hegere wetterpeilen yn de feangreidegebieten. Yn en om de feangreidegebieten moat mear romte komme foar wetterberging en wiete natuer.*
- h. *Mei alle belanghawwenden plan fan oanpak opstelle op hokker wize der yn de takomst buorke wurde kin. Ekstinsiver buorkje mei blauwe en griene tsjinsten yn ruil foar in reedlike fergoeding.*
- i. *In better wurkjend skeafûns foar pealrot en fundaasjes as it besteande.*
- j. *Bredere ynset fan de muskusrottefangers: bestriding fan de streuperij op it wetter*
- k. *Tagonklike fiskersplakken, ek foar minsken mei in beheining. Stipe fan Provinsje en Wetterskip oan de (sport) fiskers trochsette.*